

## Les 10

### 1.1. Frisofoby

#### 1.1.1. Jetske Bilker as eksimpel

Yn har kritiken yn de *Ljouwerter Krante* stapt Jetske Bilker geregeld, sûnder hokfoar needsaak ek, oer ús taalgrinzen hinne. Se sjocht net op in hollânisme mear of minder.<sup>1</sup> Boppedat krûpt se gauris it Frysk oan dat it tichtste by it Hollânsk leit. Sa'n taalgedrach kin omskreaun wurde as in foarm fan *frisofoby*.<sup>2</sup> Dat se it Frysk dêr bewust of ûnbewust ûnderstek mei docht, liket se net goed te beseffen of har der net bot om te bekroadzjen. Jetske har skôgings binne, yn alle gefallen wat it taalgebrûk oanbelanget, in 'trendbrek'. Se is foar my ien fan dy skriuwers dy't de 'weg naar het kakhuis'<sup>3</sup> yllustrearje en mei har skriuwwurk en skriuwwise it taalferfal yn de media befoarderje. Om de lêzer<sup>4</sup> en kursist te ferdútsen wêr't ik it oer haw, binne in pear foarbyldsjes lang net genôch. Ik moat dat wiidweidich dwaan, oars liket it krekt oft it wol wat tafalt. En dat docht it net. Dêrom de libbene by de deade. Skerpje jo mar op ...

#### 1.1.2. Opskerpers

Yn de lofter kolom set ik it kwattelwurk fan frou Bilker<sup>5</sup>, d.w.s. 'min-gjin-Frysk', almeast *leksikale*<sup>6</sup> ynterferinsjes en oare *frisofobe* foarms, en yn de rjochter de geve wjergader(s). Hjir en dêr jou ik yn in noat as ferdúdliking. Alle foarbylden binne ek skoan te brûken as lesmateriaal yn Afûk-kursussen. Grif 'tot leringe' fan de kursisten.

#### Min/gjin Frysk (Ljouwerter Krante, 2006-2007)

#### Geef Frysk/Standertfrysk

##### *In hite simmer yn Toscane, 29-09-2006*

*Ek*<sup>7</sup> fernimme we yn it earste part hoe't

Wy fernimme yn it earste part *ek* hoe't [...]

[...] dêr't men de *ferântweardiging* lies

*lulkens*

##### *It lot fan in gastarbeider, 13-10-2006*

gastarbeiders dy't *omstreeks* 1750 hjirhinne kamen

*likernôch, sawat, om en by, om-en(de)-by*

ferhierden de *hannekemaaiers*

*hantsjemieren, (lapke-)poepen*

hearden *Dútse* marskreamers

*Dútske*

*C&A-broers*

*bruorren*

dat *stoart* net

*steurt*

yngewikkeld wurdt it *nergens*<sup>8</sup>

*nearne, op gjin inkeld plak*

wa't graach lêst oer *froeger*<sup>9</sup>

*it ferline, eartiids, alear(en), earder tiden*

##### *Fleurich en oerflakkich, 24-11-2006*

se *toant* har skerpe *blik* oangeande

se *hat in skerp each foar*

*rane*<sup>10</sup> as snie foar de sinne

*teie*

##### *'Hawwe we dy dêrfoar leare litten?', 08-12-2006*

*ûndanks* syn oplieding

*nettsjinsteande*

yn 'e brief

*it*<sup>11</sup> brief

alles yn 'e simmer *plakfûn*

*wie, syn beslach krige, foarfoel*

##### *'Gummykut', the making of, 22-12-2006*

Sa docht De Haan dat *nergens*<sup>12</sup>

*nearne, op gjin inkeld plak*

wurdt der in *poging* dien

wurdt der *besocht* om, wurdt der *writen* dien om, wurde der *prikken yn it wurk steld* om

komt wat <i>eroatyk</i> <sup>13</sup> foarby	<i>eroty</i>
hoe <i>paf</i> de omstanners stienen	hoe <i>fersteld oft</i> se stiene, hoe't se har <i>besauden</i> oer
allinne mar <i>begripen</i> te neamen	<i>begripen</i>

*Famyljetrekjes, 05-01-2007*

<i>Dúts</i> (bloed) fan de beppe	<i>Dútsk</i> (bloed)
it ferskil tusken <i>froeger</i> <sup>14</sup> en no (2x)	<i>earder</i> en no, <i>eartiids</i> , <i>foarhinne</i>
<i>feral</i> yn it tinken	<i>foaral</i> , <i>benammen</i>
<i>dit</i> <sup>15</sup> <i>gegeven</i> wurdt ûnderstreke	<i>dat feit</i> wurdt
de reade tried dêr't Agatha <i>nei</i> socht	dêr't A. <i>om</i> socht
it begjint op in <i>hertinkingsboek</i> te lykjen	<i>tinkboek</i> , <i>betinkingsboek</i>
fan 'e <i>roomse</i> tsjerke	<i>roomske</i>
<i>gesprekûnderwerpen</i> ;	ûnderwerpen fan <i>petear</i> , <i>praatûnderwerpen</i>
<i>gesprekpartners</i>	<i>peteargenoaten</i>
mar <i>dit</i> <sup>16</sup> komt oan de ein wer goed	<i>dat</i> komt wer goed
dochs <i>fyn</i> <sup>17</sup> ik	dochs <i>achtsje</i> ik, <i>bin</i> ik <i>fan betinken</i> dat, <i>by my is it</i>
<i>Ek</i> lit de skriuwster har net ferliede ta	De skriuwster lit har <i>ek</i> net ferliede
It <i>gedachteguod</i> fan 'e mins	de <i>tinkwrâld</i> fan 'e mins
alles wurdt ferklearre <i>fanút</i> <sup>18</sup> it hjoeddeistich stânpunt	it wurdt <i>út</i> it hjoeddeistich stânpunt <i>wei</i> ferklearre

*'Bern ha betsjut soargen', 19-01-2007*

'Kleine jij', yn it <i>Nederlâns</i>	<i>Nederlânsk</i>
in <i>leuke</i> ferkearingstiid is oars	in moaie, noflike, plezierige, aardige
se <i>noteart</i>	<i>notearret</i>
de <i>naderjende</i> menopauze	de tichterby kommende menopauze, de menopauze dy't der <i>oankomt</i> , [se moat hast <i>oer de goudene brêge hinne</i> ]
der reaksjes <i>hjirop</i> fan oaren	de reaksjes <i>dêrop</i> fan oaren
de ynhâld is fan minder fan belang as de <i>mate</i> wêryn't er genietsje kin	de ynhâld is fan minder belang as <i>it geniet</i> dat er hat fan, as <i>it genietsjen</i> fan
in <i>swangerskip</i>	in <i>dracht</i> , it <i>swierwêzen</i>
noait giet se <i>ergens op yn</i>	nea (nea net) giet se <i>op wat yn</i> ; <i>earne</i> op yn

*Ivich drave moatte, 02-02-2007*

<i>perongeluk</i> tsjin in auto opfytse	<i>troch ûngelok</i> , <i>by fersin</i> , <i>sûnder erch</i>
meastal <i>oerkomt</i> <sup>19</sup> de haadpersoanen	meastal <i>komt</i> it de haadpersoanen <i>oer</i>
hy stjert <i>tidens</i> syn trimoerke	<i>doe't</i> er oan it trimmen <i>wie</i>
it ferhaal is <i>hjiir</i> in foarbyld fan	it ferhaal is <i>dêr</i> [wiist werom] in foarbyld fan
<i>Ek</i> <sup>20</sup> yn de oare ferhalen bringt er in ynteressant <i>gegeven</i>	Yn de oare ferhalen bringt er <i>ek</i> in ynteressant <i>feit</i> , in nijsgjirrige <i>bysûnderheid</i>
oft it no sa <i>leuk</i> is	<i>aardich</i>
aspekten as leafde, <i>ôfgeunst</i> wurde aspekten as leafde, <i>ôfgeunst</i> wurde	<i>oergeunst</i>

in roman dy't *dizze*<sup>21</sup> aspekten *útgebreider* behannelet dy't dy aspekten *wiidweidiger* behannelet

*Iensum puberjende doarpsfamkes, 16-02-2007*

leed fan <i>peste lytse jonkjes</i>	leed fan lytse jonkjes <i>dy't narre (pest) wurde</i>
in bernleas <i>echtpear</i>	in <i>pear, troud pear, stel, man-en-wiif</i>
hy skept tsjin syn <i>belagers</i> op	skept tsjin syn <i>beleagers</i> op
de <i>nukken</i> fan in heit	<i>oanslaggen, gritsen, kueren</i>
<i>gegevens</i>	<i>feiten, it materiaal, bysûnderheden</i>
<i>irreëel</i>	<i>yrreëel</i>

*Twaddehâns hert, 23-02-2007*

Ferry, <i>Ingels</i> foar 'fearman'	<i>Ingelsk</i>
Age praat Lennon <i>út syn bêd</i>	A. praat L. <i>fan 't bêd ôf</i>
in bytsje <i>fiersocht</i>	<i>fier socht</i>
<i>dit</i> <sup>22</sup> wichtige momint	<i>dat</i> momint
Lennon is net de <i>geleafde</i> fan Age	<i>leafste, minner</i>

*Fergetten sjeny yn it sintsjje, 02-03-2007*

<i>Dizze</i> <sup>23</sup> 'boereprofessor fan Hijum'	<i>dy</i>
<i>reizigjen</i>	<i>reizgjen</i>
sakket de spanning <i>fuort</i>	sakket de spanning <i>wei</i>
it libben liket troch de <i>sudderjen</i>	<i>soar(rel)jen</i>
de skriuwer hat <i>dit</i> opfongen	hat <i>dat</i> opfongen, opheind
<i>slapper</i>	<i>slopper</i>

*'Hoedzje jo foar aardige minsken', 16-03-2007*

De <i>kracht</i> fan sterke froulju	<i>krêft</i>
as er <i>kampeart</i>	<i>kampearet</i> [fan <i>kampearte</i> ]
yngewikkeld <i>gegeven</i>	<i>tema</i>
no <i>sadelet</i> se Yme der mei op	no <i>skipet</i> se Yme der mei op
hoe't men <i>hjrmei</i> <sup>24</sup> rêde moat	<i>dêrmei</i>

*Fjirtjin fisitekaartsjes, 30-03-2007*

<i>fisitekaartsjes</i>	<i>nammekaartsjes</i>
it ferhaal wurdt earder <i>fuortlein</i>	<i>oan 'e kant lein</i>
ferhalen dy't <i>leuk</i> genôch lykje	<i>aardich, nijsgjirrich, moai genôch, moaiernôch</i>
it <i>bliuwt</i> <sup>25</sup> my yn 'e besnijing <i>hâlden</i>	it <i>hâldt</i> my yn 'e besnijing
<i>Ek</i> <sup>26</sup> de earste siden <i>sizze</i> in protte <i>ta</i>	De earste siden <i>ûnthjtte ek</i> in protte
de <i>dementearjende</i> Bontsjje	<i>demintearjende</i>
waans haadpersoan fan <i>hot nei her wylst</i> fljocht	<i>ûnderwyls/ûnderwilens witwêr(earne)</i> fljocht
der mei gjin wurd <i>om 'e nocht</i> <sup>27</sup> yn stean	gjin wurd <i>tefolle</i>

*Flotte Reinaard, 13-04-2007*

*Froeger oerkaam*<sup>28</sup> it dy as *havolearling* noch datst *Foarhinne/earder/yn it ferline kaam* it dy as *hafûlearling* noch *oer*

*Middennederlâns* is prachtich

*Middelnederlânsk*

*Dizze*<sup>29</sup> ‘Neam my mar Willem’ is proaza

*Dy* [...] is

Willem *komt*<sup>30</sup> syn sels *skreaune* ferhaal *fertellen* as doarpsferteller

W. *komt om* syn sels skreaun<sup>31</sup> ferhaal *te fertellen*

De *freule* wurdt lij wetter yn ’e earen getten

*frelle*

Kening Nobel moat ferskine *wegens* grouwélige wandieden

*fanwegen(s); om* syn wandieden

*Ek* binne der resultaten werom te finen

De resultaten binnen *ek* werom te finen

*ten* goede komme

*te’n* goede komme

### *Unbetroubere frou, 27-04-2007*

*Dit* ta fertriet fan

*Dat* ta fertriet fan

Jikke dy’t *froeger* romans lies

*foarhinne, eartiids, earder, alearen*

*Dit* boek lit him wol lêze

*Dat* boek

Se *sprekke* ôf dat

Se *prate* ôf [sa seit in echte Fries dat]

troch har heit te *gehoarsumjen*

troch *net* nei har heit te *hearren*, troch *net* om heite *sizzen te jaan*

### *De bibelklub, 11-05-2007*

mar nimt syn dûbellibben as in *gegeven*

*feit*

Hille tinkt net djip oer *wêrom* sa’n bibelklub

*wêrom’t*<sup>32</sup> sa’n bibelklub

Us wurdt in hús-, *tún* en keukenwerklikheid *opdrongen*

ús wurdt in hús-, *tún*- [keppelteken] en keukenwerklikheid *optwongen, oprongen*

ien dy’t de siden wol *fult*

*fol makket, fol kriget, follet*

### *De frou fan ’e boer, 25-05-2007*

Doe’t se dêr de *leeftyd* foar hie

*âldens, jierren*

*Dizze* boerinne skreau stikjes

*dy* boerinne

*Wêrom* dat krekt bard is, stiet der net by

*wêrom’t*<sup>33</sup> dat bard is

De *anekdoates* binne optekene

*anekdoaten*<sup>34</sup>

De rekken fan de *diere-arts* fynt se te heech

de rekken fan de *feedokter* is *neffens* har te heech

### *Spionnen yn Peazens-Moddergat, 08-06-2007*

Twa *Dútse* ‘fûgeltsjemannen’

*Dútske*

*skêrm*

*skerm*

*Dizze* K. en H. moatte *gegevens* oerseine

*Dy* K. en H. moatte *ynformaasje* oerseine

Dy’t *froeger*<sup>35</sup> marine-offisier wie

*earder, eartiids, foarhinne, alear(en)*

Hoe bang men doetiids wie foar in oanfal

hoe bang *oft*<sup>36</sup> men doetiids *net* foar in oanfal wie

de *nuchtere* styl

de *nochteren/nofteren* styl

wat har heit dêrfan *fine* sil

wat har heit dêrfan *tinke* sil

Sjoukje is fan *yts* op ’e hichte

S. is fan *wat/eat* op ’e hichte

in *literêr* bedoeld boek

in boek dat in *literêr* karakter *hawwe* moat

*In moaiprater, 22-06-2007*

In polityk korrekt <i>gedachte</i>	polityk korrekt <i>tinken</i>
Troch <i>ditsoarte</i> fan útspraken	<i>datsoarte</i>
hoe't er yn <i>wezen</i> neat seit	<i>wêzen</i>
hoe soene dy <i>trochfretten</i> huzebesitters	de <i>fol fretten</i> huzebesitters
dat <i>stoart</i>	dat <i>steurt</i>
<i>Lakunes</i> en flaters beynfloedzje it oardiel	<i>lakunen</i> <sup>37</sup>
Der binne tefolle details dy't net <i>klopje</i> <sup>38</sup>	dy't net <i>doge</i>
in barren dat net <i>plak fine</i> kinnen hat	dat net <i>mooglik</i> is/wie, net <i>foarfalle</i> kin/koe
Litte wy hoopje dat	Lit <i>ús</i> hoopje dat

*It hoecht net sa mâl, 06-07-2007*

Yn hokker rjochting we de bundel pleatse om oan te jaan hoe swier it famke it hat,	yn hokfoar rjochting <i>oft</i> <sup>39</sup> wy de <i>bondel</i> pleatse om oan te jaan hoe swier <i>oft</i> it famke it <i>wol net</i> hat
mar it slacht <i>nergens</i> <sup>40</sup> op	mar it slacht op <i>neat/nearne</i> op; it roait <i>nearne (net)</i> nei
de lêzer <i>bliuwt</i> <sup>41</sup> <i>him ôffreegjen</i>	de lêzer <i>bliuwt</i> sitten mei de fraach wat; de lêzer sil net <i>ophâlde fan/mei</i> him ôf te freegjen wat
<i>yts</i> sa freeslik, dêr is de ein fan wei	in sa freeslik foarfal, <i>wat</i> freesliks, <i>eat</i> dat sa freeslik is
de frou moetet har geheime <i>geleafde</i>	geheime <i>beminde</i> , har <i>leafste</i> , de man dêr't se yn it geheim (temûk, stikem) fan hâldt/hold
de pine wurdt <i>oandikt</i>	<i>oerdreaun, oanset</i>
in <i>akuut</i> drama	<i>akút</i>
it <i>beste</i> ferhaal	<i>bêste</i>

*Homo yn Fiskersdoarp, 20-07-2007*

Ake dy't <i>studearjen gie</i> <sup>42</sup> yn Brussel	Ake dy't nei Brussel <i>gie/gong om te studearjen</i>
<i>Hjir</i> <sup>43</sup> is in skriuwer oan it wurd	<i>dêr</i> is
<i>Dit</i> wiermeitsje; <i>dizze</i> <sup>44</sup> <i>gedachte</i>	dat; dy
<i>polisjonele</i> aksjes	<i>polisjonele</i> aksjes
se ferbrekke <i>ek no</i> <sup>45</sup> <i>en dan</i> taboes	se ferbrekke <i>no en dan ek</i> taboes
dan wit men <i>hoe</i> men it opfetsje moat	<i>hoe't</i> men it opfetsje moat
mar <i>ek dat</i> <sup>46</sup> bart hjir net	mar <i>dat</i> bart hjir <i>ek</i> net

*Yn 'e wrâld fan 'e psychoaze, 07-09-2007*

har libben <i>fanôf</i> <sup>47</sup> it momint	<i>fan</i> it momint <i>ôf</i>
mar <i>ek</i> folgje we Elke har <i>herinneringen</i> (2 x)	wy folgje har <i>oantinkens ek</i>
it is <i>sowieso</i> in toer	<i>yn alle gefallen, dochs al, no ienris</i> in toer
fansels wit Schotanus <i>dit</i> wol	<i>dat</i> wol
it perspektyf is de <i>kracht</i>	<i>krêft</i>

*'Ben je niet slap?', 05-10-2007*

de <i>herinnerings</i> dy't by in brief oanslute	<i>oantinkens</i> ; wat se har by it brief <i>tebinnenbringe</i> kin, wat har sa <i>byfalt</i>
--	--

dêr folget in beskriuwing fan hoe moai Auck dêr boartsje koe	hoe moai <i>oft</i> <sup>48</sup> Auck dêr [net] boartsje koe
it is wat <i>mostert</i> nei it miel	<i>moster</i>
<i>Nederlânstalige</i> brieven	<i>Nederlânsktalige</i>
Wa syn âlden yn dy tiid opgroeid binne, sil [...]	wa syn âlden <i>oft</i> <sup>49</sup> yn dy tiid opgroeid binne, sil in soad werkenne
hat de driuw field lytse details fêst te lizzen	<i>om</i> lytse details
in net- <i>fryske</i> stêd	net- <i>Fryske</i> stêd
der altyd <i>fanút</i> <sup>50</sup> gean	<i>fan út</i>
<i>Gedachten fan in motorman, 21-09-2007</i>	
<i>welk</i> súdlik distrikt?	<i>hok(foar), wat(foar)</i> súdlik distrikt?
de oernommen <i>herinnerings</i> fan	<i>oantinkens</i>
<i>kloppet</i> <sup>51</sup> dat wol?	<i>komt</i> dat wol <i>goed/klear?</i> , <i>doocht</i> dat wol?
<i>dit opienstapeljen</i> fan beskriuwende sinnen	dat <i>opinoar steapeljen</i> fan sinnen, <i>oaninoar breidzjen</i> fan sinnen

En dan dat hast oeral brike brûken fan ‘je’ yn it plak fan ‘men’: “Lykas by poëzij, sykje *je* nei in ferbân tusken de rigels. Yn dizze ferzen bliuwe *je* stykjen, as *je* oannimme dat [...]” (21-09-2007). Allinnich de styl al ... Ik see it net út ’e pinne krije kinne.

En wat te tinken fan gefallen út *De man yn ’e tonne* (19-10-2007)? Bygelyks: ‘roastert er’ (*roasteret*), ‘âldgrykse’ (*Aldgrykske*), ‘in Frânse tekst’ (*Fânske*), ‘noteart er’ (*notearet*), ‘kulturele earmoede’ (*kulturele*). Of út *Froulju allinne mar op jild út* (09-11-2007): de fraach is *ofst* (‘oftst’), ‘Deensk en blond’ (ljocht hier; blûn). Frou Bilkert ‘fynt’ yn dat stikje ek noch tefolle: ‘guon dy’t *fine*<sup>52</sup> dat Fryske boeken [...]’ (guon dy’t *tinke* dat).

Sa stadichoan wurdt ús de gong fan frou Bilker nei it ‘kakhuis’ dúdlik. By it einsluten noch wat taal- en staveringsôfearnt út har ‘Anne Wadman troch it each fan Steven de Jong’ (*LC*, 30-11-2007)<sup>53</sup>: ien *ôfbakene* ûnderwerp (*ôf*beakene, *ôf*grinzge), *foaroarlochse* (*foaroarlochske*), *terjochte* (mei *rjocht*), *Nederlânse* (*Nederlânске*; Bilker skriuwt wol *Fryske* en net *Frise*), der sit gjin grutte *lijn* yn (de grutte *line* mist), De Jong *ynterpreteart* (*ynteprearet*), *Ek* net-wittenskiplik is it haadstik oer it eksistinsjalisme in djiptepunt (Net-wittenskiplik besjoen is it haadstik *ek* in djiptepunt [...]).

Ein 2007 tocht ik dat ik it measte ûnrant yn frou Bilkert har *LC*-stikjes wol fûn hie en dat har skôginkjes fan 2008 grif net folle nije gefallen opsmite soene. Dêr wie ’k mis mei. Alde gefallen (sjoch boppe) lit ik no, op in pear nei, mar gewurde, dy wiene der ek noch by de rûs. Sadwaande jou ik hjirnei benammen noch in nustke nije *opskerpers* út dat lêste jier.

#### Min/gjin Frysk (Ljouwerter Krante, 2008)

#### Geef Frysk/Standertfrysk

*18-01-08*

De bern meie fergees *mei* de boat *mei*<sup>54</sup>

De bern meie fergees *mei* de boat

*12-04-08*

de struktuer wurket *averjochts*

(dwers)ferkeard; earslings

*25-04-08*

de administrative *kracht*

*krêft* [ek yn 30-05-2008]

*frijsênes*

*frijsênen*

16-05-08

in *ûnheilspellende* sfear, *wêr't* je net altyd wat mei kinne in *driigjende* sfear, *dêr't* men net altiten wat mei kin

De skriuwster sit oantangele mei har *bronnen* *boarnen*

20-06-08

Mar *helaas* mar *spitigernôch*

De *oerspeligen* krije de *troubrekkers* krije

15-08-08

in skoalmaster mei 'verfroegd pensjoen' in skoalmaster dy't *earder (betider)* mei pinsjoen gongen is

in moedige *poging* in moedich *besykjen*

dat se sa gau mei Jurjen *tegearrewenjen gien is* *dat sy en Jurjen sa gau byinoar wennen*

dat liket *de* boadskip te wêzen *it* boadskip

05-09-08

dat ferskynsel algemiener *benaderje* kinne dat ferskynsel algemiener *oanpakke (besjen)* kinne

10-09-08

wat manlju beweecht en *ek hjir* en *hjr ek*

26-09-08

It *oerkaam* Cornelis van der Wal it *kaam* CvdW *oer*

Hy koe net *om* de brieven *hinne* Hy koe net *foar* de brieven *wei*

It *belachlik* meitsjen fan pommeranten it *bespotlik* meitsjen

in *lollich* boekje in *grappich* boekje

de *lotgefallen* fan in Fryske dichter de *wederwarichheden* fan in dichter

10-10-08

in wichtige ferhaal*lijn* in ferhaal*line*;in *tried* yn it ferhaal

*nei myn miening* *neffens my*

dy relaasje ferrint *flekkeleas* har ferhâlding is *ûnbesprutsen*, is *sûnder wryt of slyt*; se hawwe in *suvere relaasje*

24-10-08

it is in *ûntroerend* boek in *oandwaanlik* boek

Dy't *ûndanks* har ôftakeling dy't *nettsjinsteande* har ôftakeling

Oant safier foar 't neist de measte 'djiptepunten' dy't ik oantroffen haw yn it krityske wurk fan frou Bilker yn de *Leeuwarder Courant*. Ik bin blykber net alhiel de iennichste. Jant van der Weg, in kollega-kritika fan frou Bilker dy't yn it *Friesch Dagblad* skriuwt, kin de bonken en bonkjes ek wol fine. Frou Van der Weg skôge bygelyks ek de Fryske oersetting fan in boek oer Harry Potter fan frou Bilkert<sup>55</sup>. Wat eufemistysk skreau se: "Wol is dy oersetting net oer alle boegen slagge. Sa bliuwt men bygelyks hieltyd heakjen by it Nederlânsk-Fryske wurd 'yts' dat konsekwint brûkt wurdt ynklusyf it mâlbearende 'says'. Dan giet jin even de grize oer de grouwe. Nedich hie dat net west, te mear as men sjocht hoe't op oare plakken minder gongbere Fryske wurden brûkt wurde."<sup>56</sup>

Boppe haw ik mear fan dy málbearende foarbylden oanhelle. Dêr giet jin de grize likegoed fan oer de grouwe. Men bliuwt der yndied yn heakjen. Ik haw se kreas byinoar swile út literêre kritiken. Kritiken dy't ek noch wol foar *grutte* minsken ornearre wiene. It binne ornaris net de minst skrandere lju dy't sokke stikjes lêze. Alles ta skea fan de kommunikaasje tusken skriuwer en sokke lêzers. Ommers, *heakjende* lêzers bliuwe stykjen en hawwe amper each foar de ynhâld as de foarm net doocht. It halo-effekt<sup>57</sup> docht dan as fanselssprekkend syn destruktif wurk. Fryskkundige lêzers *heakje* sadwaande domwei ôf. Se wolle Jetske har wei nei it 'kakhuis' net langer beagan.<sup>58</sup>

Ik doar har Potter-oersetting dus amper iepen te slaan. Frou Bilker tinkt sels dat se der goed oan docht om de taal fan de bern oan te krûpen. Se wol tusken Frysk taaleigen en de taal fan 'de' bern yn sitten gean. En komt dan blykber út by alderlei soarten ynterferinsjes. Se liket mar net yn te sjen te kinnen dat 'geef' en 'dreech' yn it Frysk net itselde is.<sup>59</sup> Goede skriuwers en oersetters kinne ek sûnder hollânismen wurk meitsje dat aardich flot te lêzen is. By de útjouwer (Bornmeer) moatte se harren noch mar ris efter de earen klauwe, foardat se it ljocht op grien sette foar noch mear fan sok taalûnrant. Jimme begripe it sa njonkelytsen wol. As ik útjouwer wie, dan makke frou Bilker by my gjin inkelde kâns.

Frou Bilker soe it wurk fan Waling Dykstra, Douwe Kalma, Douwe Tamminga, Hotze Tsjepkema, Jarich Hoekstra en Jan Popkema der noch ris op neislaan moatte, om har kennis fan it Fryske taaleigen en de taalregels fan it Frysk te fergrutsjen en te ferbetterjen. In goed wurdboek soe ek net ferkeard wêze. Lykas in staveringsboekje. Der binne yn en foar it Frysk genôch boarnen op it mêd fan 'styl en staving'<sup>60</sup> dy't noch alle dagen har wearde bewize (kinne).<sup>61</sup>

#### Noaten

- <sup>1</sup> Sûnt in kryptyk fan harres ein 2006 (*Leeuwarder Courant*, 29-09-2006) foelen my de kontrasten mei kundige skôgers as Wadman, Veenbaas, De Vries en Wind op en haw ik gâns foarbylden fan 'gjin- en bryk-Frysk' by frou Bilker sammele.
- <sup>2</sup> Ferlykje fandatoangeande in bydrage fan de frisiste Tony Feitsma yn *Fryx* (jrg. 11/12), 1990/1991, nû. 2, s. 114-115), 'Frysofoby of frysismen yn it frysk'.
- <sup>3</sup> T[eake] H[oekema], 'In te min achtslein aspekt by de literatuerbeoardieling' (*Lyts Frisia, tydskrift foar Fryske striid en literatuer*, jrg. XXXV, nû. 7-9, july-sept. 1986, 45-48). It artikel fan Hoekema is ek oan te klikken op: [www.fryskebeweging.nl/ffu/poadium/poadium2005enarder](http://www.fryskebeweging.nl/ffu/poadium/poadium2005enarder). Sjoch ek myn artikel oer 'De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (I-III)' (*Swingel*, nû. 19 o/m 21, 2007/2008).
- <sup>4</sup> Dizze 'Les 10' fan myn skriuwkursus is yn 'e earste opslach skreaun as in artikel foar *Swingel*, mar koe dêr omreden fan lingte gjin folslein plak yn krije. De les kin beskôge wurde as in yllustraasje by en oanfolling op my artikel yn *Swingel* (nû. 22, 2008, s. 14-20) oer *De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (IV)*. Dat lêste artikel is ek oan te klikken op it webstek fan de *Ried fan de Fryske Beweging*: [www.fryskebeweging.nl](http://www.fryskebeweging.nl) (*Swingel* oanklikke) en/of op dat fan de *FFU* (Feriening Frysk Underwiis): [www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes](http://www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes) by 'Artikels en ynliedings fan Sytze T. Hiemstra' (2008).
- <sup>5</sup> De oanhelle fragminten (stikjes sin) binne hjir en dêr út reden fan romte wat ynkoarte sûnder de essinsje oan te taasten en beslage it tiidrek fan 29-09-2006 oant en mei 24-10-2008.
- <sup>6</sup> It Hollânske wurd wurdt dan (fierhinne) oernommen; 'lekseem' is *wurd*. Frou Bilker hat lykwols ek lêst fan oare soarten ynslûpsels en makket gâns staveringsflaters.
- <sup>7</sup> Ferl. ek: R. de Haan, *Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden* (Ljouwert: Fryske Akademy, 1995, s. 33): "Sinnen begjinne yn it Frysk leafst net mei *ek* en kinne better ek net mei it wurdse *ek* ophâlde. Set *ek* leaver midden yn 'e sin." Dat soe hjir *ek* gâns better wêze.
- <sup>8</sup> Sjoch in noat hjirûnder.
- <sup>9</sup> Sjoch in noat hjirûnder.
- <sup>10</sup> *Rane*, *teie* en *smelte* kinne yn it Hollânsk alle trije 'smelten' wêze. Izer en oare metalen kinne *smelte* by hege temperatueren, mar fet, bûter en soksoarte dingen *rane* op it fjoer (as se wer kâld wurde, *stjurje* se wer) en iis en snie *teie* as de temperatuer boppe nul komt. Ferl. ek S.T. Hiemstra (einred.), *De Stipe* (2005<sup>5</sup>, s. 19).
- <sup>11</sup> Distânsjemotyf; foarkarsfoarm *it boppe de* [brief]
- <sup>12</sup> Sjoch in noat hjirûnder.
- <sup>13</sup> In haadregel foar de Fryske staving is, dat yn *beklamme* wurdliiden de lûtekens oanpast wurde oan de Fryske staving (útspraak mei in twalûd): *ymbioaze*, *sympoasium*. Yn wurdliiden sûnder klam bliuwe se stean (gjin twalûd): *erotytk* [de klam leit op *-tyk*]. Foarbylden: *Amearika/Amerikaansk*, *anekdoatytk/anekdotyk*, *symboal/symbolisearje*, *karikatuer/karikaturaal*, *eroatytk/erotytk*, *promoator/promovearje*.
- <sup>14</sup> Sjoch in noat hjirûnder.

- <sup>15</sup> Sjoch bgl. Jan Popkema, *Grammatica Fries. De regels van het Fries* (Utrecht: Uitgeverij Het Spectrum B.V., 2006, Prisma taalbeheersing, s. 175): As der ferwiisd wurdt nei in al *earder* neamde persoan of saak, wurdt *dat* respektivelik *dy* brûkt.  
Ferl. ek : S.W. Douma, *Frysk taeleigen-boekje I, It túch derút!* (1946, s. 10): ‘Hij had er zijn vader over gesproken, maar **deze** weigerde’, *Hy hie der syn heit oer to wurd west, mar dy wegere planút*; ‘Toen de nood aan den man kwam, leek Gerard besluiteloos; **dit** viel zijn vriend tegen’, *Doe’t de kniper op ’e skine kaem, like it, Gerryt koe net út ’e rie komme*; **dat** foel syn freon ôf. **Dizze** en **dit** tsjutte yn ’t Frysk allinne oan hwer’t men op wiist: **Dizze** houn mei ik graech lije, *Mar dit haw ik fêst foar my nommen, dat ik dêr tonei bûten bliuw*. **Dit** wiist yn it Frysk ek mear foarút as yn it Hollânsk: *Ik sil dy dit sizze jonkje, asto it wer dochst, dan sil ik dy ...*
- <sup>16</sup> Sjoch oer ‘dit’ by in noat hjirboppe.
- <sup>17</sup> Al yn 1903 skriuwt Waling-Om yn *Sljucht en Rjucht*, “Wer ris hwet oer Frysk en Onfrysk”: “Ik *fyn* dit goed en dat biroerd’. ‘Ik *fyn* dat jy mis binne’. ‘Dat *fyn* ik moai en dat *fyn* ik mâl!’ En sa folle mear. – It mei my tinke, dat wy yn ’t platte lân al dat *finen* earst fen stêdljue kamen to hearren en den seine wy: ‘Hwet fine dy ljue in boel!’ – By ús wier ’t altyd: ‘Dat achtsje ’k goed of net; dat neam ik biroerd; dat tinkt my bêst; ‘dêr kin ’k gjin moais oan sjen’ – en sa rêdden wy ús hast altyd sonder *finen*. Mar wy seine do al: ‘Finen is ek wol ris stellen’, en ik leau sikerwier dat dy fynders wol ris wat út de frjemdte stellen ha” (s. 190).  
Yn it *Frysk taeleigen-boekje I. It túch derút!* (Drachten, 1946) seit S.W. Douma [= Douwe Kalma] dêroer: “Foar it Hollânske *vinden* foar ‘van mening zijn’ moat it Fryske *fine* net brûkt wurde. Foar it Fryske fielen rint men sa tofolle mei jins bitinken to keap” (s. 5). Kalma jout sa’n sân alternativen dy’t better binne.
- <sup>18</sup> Ferl. Walings Dykstra syn ‘Wer ris hwet oer Frysk en Onfrysk’ (*Sljucht en Rjucht*, 1903, 190): “Uteringen dy’t al heel en dal net dulde wirde meije, binne: ‘*Fen út* it wetter oprizzen komme’ (*fen út* is onfrysk). [...] ‘*Fen ôf* de fyfte rigel’, for: *Fen* de fyfte rigel *ôf*. ‘Van af’, dêr’t dit ‘fen ôf’ in nei-aepsel fen is, - is ek al gjin moai Hollânsk.” Sjoch oer sokke ferkeard brûkte ferhâldingswurden ek P. Breuker, S.T. Hiemstra e.o, *Foar de taalspiegel* (1992<sup>2</sup>, s. 81-83) en S.T. Hiemstra (einred.), *De Stipe* (2005<sup>5</sup>, s. 109); J. Stienstra, *Taalpraatsjes* (Ljouwert: Afûk, 1986; praatsje 43 en 60). Mei it goed brûken fan ferhâldingswurden harket it yn it Frysk nau. Ferl. ek S.W. Douma [Douwe Kalma], *Frysk taeleigen-boekje I. It túch derút!* (Drachten: Laverman, 1946, s. 15-16).
- <sup>19</sup> Ferl. it wurdboek en ek *Tiidwurden*, (Afûk, 2000<sup>6</sup>, s. 32). It tiidwurd ‘oer’*komme*’ is yn it Frysk skiedber en yn it Hollânsk is ‘over’*komen*’ dat net. Dus: ‘Dat *overkomt* ons niet weer’, It *komt* ús net wer *oer*.
- <sup>20</sup> Sjoch oer ‘ek’ in noat hjirboppe.
- <sup>21</sup> Sjoch oer ‘dizze’ by in noat hjirboppe.
- <sup>22</sup> Sjoch oer ‘dit’ by in noat hjirboppe.
- <sup>23</sup> As der ferwiisd wurdt nei in al earder neamde persoan of saak, wurdt *dat* respektivelik *dy* brûkt. Sjoch de noat hjirboppe.
- <sup>24</sup> Sjoch ek S.T. Hiemstra (einred.), *De Stipe* (Afûk, 2005<sup>2</sup>, s.87-88): De oanwizende foarnamwurden *dizze*, *dit* en *dy*, *dat* wurde yn it Frysk oars brûkt as yn it Hollânsk. Foaral as it foarnamwurd werom wiist nei wat earder neamd is, brûke wy *dy* en *dat*. Itselde jildt ek foar de bywurden *hji*r en *dêr*: ‘Wy hawwe lekkerij op ’e souder. *Dêr* moat sa gau mooglik yn foarsjoen wurde’. Ferl. ek in noat hjirboppe.
- <sup>25</sup> Yn it Frysk kin men allinnich: *stean*, *hingjen*, *sitten* (*stykjen/plakken*), *lizzen bliuwe*. Mei *bliuwe* is it suver fan itselde lekken in pak as mei *gean* (sjoch in noat hjirûnder). De ferba *lizze*, *sitte*, *stean* en *hingje* litte har *sûnder skeakels* (lykas ‘te’) ferbine mei *bliuwe*: Kees *bliuwt lizzen* (*sitten*, *stean*, *hingjen*). Somtiden wurde tiidwurden as *stykje*, *kleve*, *plakke* brûkt as synonym fan *hingje*: Dy swiere motor *bleau* yn ’e weake klaai *stykjen*; De sprekker *bliuwt* yn syn wurden *stykjen*; Party fan syn gedichten binne te hastich yninoar setten en *bliuwe* jin as daai yn ’e mûle *kleven*; Dat flanterige behang wol mar net *plakken bliuwe*.  
In grinsgefâl liket fandatoangeande *wenjen bliuwe* te wêzen: Hy *bleau* tsien jier yn Ljouwert *wenjen*. Om’t *wenje* as synonym ek *sitte* hat, hoecht der gjin bonkje yn dy sin te sitten. *Wenjen bliuwe* kin somtiden lykslein wurde mei *hingjen bliuwe*. Geef Frysk is yn alle gefallen: Hy *bleau* tsien jier yn Ljouwert **te** *wenjen*. Mei oare ‘bliuwers’ moat men oppasse. Hollânske sinnen as: *Hij bleef zeuren*, *Hij bleef doortypen*; *Het bleef doorfriezen*, kinne nêt mei *bliuwe* oerset wurde. Sâ kin it wol: *Hy seurde mar troch*; *Hy gong troch mei typen*; *It hold oan mei friezen*; *It hâldt my yn ’e besnijing*, ensfh.  
Oppassen is it ek mei konverzjes fan: *Hij blijft eten*, *spelen*, *werken*, *tekenen*, *praten*, *slapen*, *weigeren*, ensfh. Wolle sokke sinnen net yn ’e kramtriedden *komme te hingjen*, dan moat it yn it Frysk bygelyks sa: Ik *bliuw* hji r jûn *te iten*; Arjen *bleau* de hiele middei *te praten*; De iene swei, mar de oare *bleau oan ’t seuren/ seurde mar troch*; It wjerljochte, mar de keunstner *sette troch mei tekenjen*; Tsjerk *gong troch mei typen*; It *hâldt oan mei reinen*; It friest *mar troch*; Wytyske *sliepte* oant njoggen oere *troch*; Samme *bliuwt* efkes *stean te wachtsjen*; It *bliuwt froastich*, *reinich*, *teiwaar*, ensfh.

- Mooglikheden by de rûs dus yn 't Frysk. Wanskepen konstruksjes as: \*‘Wy *bleauwen* jûn yn Ljouwert *sliepen*’ of \*‘It sil jûn wol *friezen bliuwe/bliuwe friezen*’, \*‘Reinier *bliuwt* jûn op ’e Akademy *wurkjen*’ of \*‘It *bliuwt* my yn ’e besnijing *hâlden*’ kinne dus maklik mijd wurde.
- 26 Sjoch in noat hjirboppe.
- 27 [...] ‘der mei gjin wurd *om* ’e *nocht* [...]’ betsjut ‘[het is] *gratis* (= it kostet neat), [hij doet het] *tevergeefs*’; ‘gjin wurd *tefolle*’ past hjir dus better.
- 28 Sjoch in noat hjirboppe.
- 29 Sjoch in noat hjirboppe.
- 30 Mei *komme* lykje wy gauwer as by *gean* en *bliuwe* útlotte te wêzen. Yn tsjinstelling mei it Hollânsk fereasket in sinkonstruksje mei dat helptiidwurd by ús ornaris de ferbiningskeakel *te*, soms wol *om te*: Hja kaam by ús *te hús warjen*; Jan kaam (*om*) *te sizzen* dat de kofje brún wie. Yn sokke sinnen sit ek dúdlik in doeloantsjuttende wurking.
- Gongber taalguod is ek: Har man *kaam te ferstjerren*; Pake is yn ’45 *wei kommen te reitsjen*; Durk *kaam hast te fallen*; Wike waard siik en *kaam te lizzen*; Dat komt dy *te muoien (spiten)*; Wy besparje der mear mei as it ús *komme* sil te *kostjen*. As helptiidwurd fan aspekt jout *komme* yn sokke gefallen benammen it **begjin fan in hanneling** oan.
- Komme* kin (lykas *gean* en *bliuwe*) wol wer goed ferbûn wurde mei *lizze*, *sitte*, *stean* en *hingje*. Dochs is it yn guon gefallen noch wol sa eigen en skeakelje *te* yn. Foarbylden: De hûn *kaam* by ús (*te*) *lizzen*; Us heit *komt* neist my (*te*) *sitten*; Ik *kom* efter dy (*te*) *stean*; Lammert *kaam* njonken Pyt oan ’e rekstôk (*te*) *hingjen*; Pake is op it Penjumer tsjerkhôf neist beppe *kommen te lizzen*.
- In hiele oare saak is it as *komme* ferbûn wurdt oan tiidwurden dy’t in *beweging* werjouwe. It kin dan sûnder skeakelwurdsje: De âld dokter *kaam* de dyk lâns (del) *rinnen*; Der *komt* nochal wat ruot fan boppen *rûgeljen*; Wa *kamen* dêr de seal yn *kuierjen*?; De skoaljonges *komme* de stêd út *fytsen*; De polysje *kaam* as in snoek op my *tasjitten*; Middeis *komt* er hast altiten de reed del *panderjen*, ensfh.
- Yn it Hollânsk kin men sizze: ‘Zie daar kom ik *aangelopen*’. ‘Aangelopen’ is in ôfslutend mulwurd. Yn geef Frysk kin men lykwols net sizze: \*Sjoch, dêr komt Durk *oandraafd*. Hy komt grif *oandraven*.
- Komme* kin as helptiidwurd brûkt wurde by in bewegingstiidwurd (rjochting) en bewurket dan de doelfoarm (de ynfinity/nammefoarm kriget dan in útgongs-*n* taheakke): Hy *komt* oanriden; Hy is oanriden *kommen*; De famkes *kamen* ta de keamer ynstappen; Dêr *kamen* sy oanrinnen. Yn oare gefallen krije wy *te* + ynfinity-*n*: Se *kaam te fallen/te ferstjerren*. Yn ‘hy *kaam te útfanhûzjen*’ (‘hij kwam logeren’) hawwe wy mei in doel te krijen en moat ‘komme’ as in selsstannich tiidwurd sjoen wurde. Dus ek: ‘Hy kaam [mei it doel om] *te fertellen*’ (ferl. ek: *Popkema*, 2006, s. 241-242).
- Sjoch foar tiidwurdkombinaasjes mei (*te*+) ynfinity-*n* (doelfoarm) by *gean*, *bliuwe*; *komme*, *hawwe*; *hearre*, *sjen*, *fiele (fernimme)*; *sitte*, *stean*, *lizze*, *hingje*, *rinne*, *wêze*; *leare*, *helpe*, *besykje*, *begjinne* yn *Tiidwurden* (Afûk, 2000<sup>6</sup>, par. 4.6., s. 27-30).
- 31 In *eigenskipswurd* (‘bijvoeglijk naamwoord’ of ‘adjektyf’) kriget by in ûnsidich haadwurd (‘zelfstandig naamwoord’ mei ‘it’ derfoar; dus in ‘it-wurd’ [bgl. *it* ferhaal]) *gjin* bûgingsútgoing *-e* as der in *besitlik* foarnamwurd [bgl. *syn*] foar stiet! Dus: *syn* sels *skreaun* ferhaal; har *ljocht* hier, myn *moai* hûs, jim *nij* boatsje, ús *Frysk* berneboek, syn *hurd* skreppen, dyn *blau* skrift, ensfh. En dus nê: \**syn skreaune* ferhaal, ensfh. Sjoch ek Jarich Hoekstra, *Taalsnipels (Friesch Dagblad)*, 1986-1993, 08-07-1989, nû. 106 [=113], “Us nij hûs”; ek yn ienfâldige foarm bondele en útjûn yn eigen behear).
- 32 It bynwurdmorfeem *’t [oft]* jout oan dat der *ûnderskikking* is: *Wêrom’t* dat bard is [bysin], wit ik net [haadsin] (haadsinnen: Wêrom is dat bard? + Ik wit dat net/Dat wit ik net.); *Hoe’t* dat komt, is net bekend, ensfh.; Hille tinkt net djip oer *wêrom’t [oft]* sa’n bibelklub [...].
- 33 Sjoch noat hjirboppe.
- 34 Yn it Frysk *hearre* wurden op *sjwa* (in stomme *-e [ə]*) neffens de grûnregel altiten in meartal op *-en* te krijen ynsafier’t dat net de *sjwa* fan it ferlytsingssuffix is: *gemeenten*, *binden*, *fitaminen*, *prinsipen*, *anekdoaten*.
- 35 Sjoch ek Jan Stienstra, *Taalpraatsjes* (Afûk, 1986, hdst. 19, “‘Ungefear’ en ‘froeger’”, s. 25), oer dy fergruttsjende trep fan ‘froech’ (betiid, ier) dêr’t gjin goefries him oan bekweadjige sil. In ûnmooglike foarm dus.
- 36 It bynwurd ‘oft’ moat ynfoege wurde yn bysinnen dy’t mei in *freegjende* wurden en wurdgroepen begjinne: wa’t (wa *oft*) it dien hat, is net bekend; hoe’t (hoe *oft*) it no moat, wit ik net mear; hokfoar boekt *oft* er koft hat, wit ik net; hoe bang *oft* ik bin, is net te sizzen. Ferlykje ek: *Hoe* blij was ik toen ik dat hoorde - *Hoe* bliid wie ’k *net* doe’t ik dat hearde
- 37 Sjoch oer wurden op *sjwa* (in stomme *-e [ə]*) in noat hjirboppe.
- 38 Sjoch oer ‘klopje’ in noat hjirûnder.
- 39 Sjoch oer it tafoegjen fan ‘oft’ de noaten hjirûnder.
- 40 Sjoch ek Jan Stienstra, *Taalpraatsjes* (Afûk, 1986, praatsje 67, “Sis nea ‘nergens’”), oer sokke frjemde ynslûpsels ‘dy’t keard en weromstjoerd wurde moatte’.

<sup>41</sup> Sjoch oer ‘bliuwe’ in noat hjirboppe.

<sup>42</sup> Yn it Hollânsk is it tige gewoan en ferbyn *gean* mei in ynfinityf sûnder help fan *te*: Ik ga trouwen; De machine ging draaien; Het is gaan regenen. Yn it Frysk hawwe wy fjouwer tiidwurden dêr’t sa’n direkte ferbining wol gebrûklik is, ntl. mei *lizze*, *sitte*, *stean* en *hingje*. Dy tiidwurden slagge op hâlding fan it minsklik (of dierlik) *lichem*: J. *gong hingjen (sitten, stean, lizzen)*. Bûten dy fjouwer moat it stopljocht almeast op read *stean* foar *gean*. \**Studearjen gean* (Ake dy’t *studearjen gie*) is dan ek gjin Frysk, ‘Ake dy’t nei Brussel *gie om [mei it doel om] te studearjen*’, kin wol. Gauris kinne wy ús skoan rêde mei *sille*: Myn âldste broer *sil* maaie trouwe.

Moat yn in sin in *begjin* fan in *hanneling* útdrukt wurde (in sin mei in *ynchoatyf* aspekt), dan past in konstruksje mei *begjinne + te*; Dat gemaal *begjint* aanst wer te draaien. It is fansels ek goed en skriuwen: Dat gemaal *sil* aanst wer draaie. Of: Dat gemaal *draait* aanst wer.

In tredde manear om jin te rêden, is mei behelp fan *gean + te*: Wy *geane te* kuijerjen; Jimme *geane* net *te* swimmen, wol? Ik *gean te* aaisykjen. Om’t de *hanneling* noch wêze moat, dus yn de (neie) takomst leit, kin men yn sokke gefallen ek *sille + te* brûke: Wy *sille te* kuijerjen; Jimme *sille* net *te keatsen*, wol? Ik *sil te* follybaljen.

Gefaarlik foar Hollânske beynfloeding wurde ek in steal saneamde ûnpersoanlike tiidwurden dy’t yn it Hollânsk de help fan allinnich *gean* krije kinne. Dat binne tiidwurden dy’t almeast de wurking fan *waan* en *wyn* oantsjutte, lykas: *reine*, *waaie*, *tongerje*, *wjerljochtsje*, *frieze*, *teie*, *snije*, *hagelje*, ensfh. It Frysk hat oare middels om it begjin of it yn ’e neiste takomst foarkommen fan sokke natoerwurkings oan te jaan: It *begjint te* reinen; It *wol* reine; It *giet op in* reinen; Der *komt (rein)wetter*; It *wurdt in* reinder; It *siket om (rein)wetter*. Wol mei der om tocht wurde, dat it yn ús omgongstaal net botte eigen is om te sizzen: \*‘Der komt *rein*’ of \*‘Wy krije *rein*’. Wy ferbine it haadwurd ‘rein’ meastal mei ‘wetter’ of litte it sels alhiel wei. Mei de ‘klimatologyske’ wurden kin men dus yn haadsaak op deselde wize te wurk *gean*: It *begjint te* waaien; It *wol* frieze; It *giet op in* hageljen; Der *komt* teiwaar; It *siket om* snie, ensfh.

Party oare tiidwurdskonstruksjes, bûten de sfear fan *waan* en *wyn*, wurde op syn minst likefolle of mear bedrige. Tink oan bryk praat as: \*‘Wy *gean yn* ’e tún wurkjen’ of \*‘Sille wy fiskjen *gean*?’ Of noch slimmer: \*‘Sille wy *gean* fiskjen’. As âlde fuotsokken strykt ek: \*‘Se gongen mei de priis (of: eare) striken’. Wol tige Fryskeigen is de konstruksje mei ‘hinnegean’: Jimme meie wol *hinnegean* en set jim auto feilich yn de Akademytún; Lit ús *hinnegean* en fertel elts fan it skoandere wurk fan de Fryske Akademy; Soe men net *hinnegean* en wiis de media op al dy taalflaters dy’t makke wurde?

As men yn it Hollânsk seit fan ‘Het gaat (niet)’ brûkt in Fries as it goed is ‘It kin (net)’ of ‘It wol (net)’. De hoflikheids- of gewoantefraach ‘Hoe giet it’ kin better troch ‘Hoe is ’t’ ferfongen wurde, want *gean* docht men eins op ’e fuotten.

<sup>43</sup> Sjoch dêroer in noat hjirboppe.

<sup>44</sup> Sjoch dêroer in noat hjirboppe.

<sup>45</sup> De Hollânske folchoarder is ‘ook nu’, de Fryske krekt oarsom ‘no ek’; it is dus in *syntaktyske* ynterferinsje.

<sup>46</sup> De Hollânske folchoarder is ‘ook dat’, de Fryske krekt oarsom ‘dat ek’; it is dus in *syntaktyske* ynterferinsje.

<sup>47</sup> Sjoch foar \**fanút* en \**fanôf* in noat hjirboppe.

<sup>48</sup> Sit der in ferlykjend elemint yn in sin, dan kin ‘sa gau *as*’ ek as ‘sa gau’/sa gau *oft* [er koe]’ werjûn wurde.

De ‘t yn ûnderskikkende ferbinings stiet foar *dat*, *oft* of *as*: hoe moai *as/oft*. Dus: ‘der folget in beskriuwing fan hoe moai *as/oft* Auck dêr boartsje koe’ (ferl. ek Popkema, 2006, s. 205-207).

<sup>49</sup> Sjoch ek de noat hjirboppe. It ûnderskikkende bynwurd ‘oft’ ferskynt as twadde lid fan ferbinings dy’t freegjend binne, dus benammen as in bysin begjint mei in freegjende wurd of freegjende wurdgroep: Ik wit net *hoe oft* (hoe’t) er it dien hat; *wa oft* dat dien hat; [...] *hokfoar lju oft* dat binne, [...] *wannear oft* se komt, [...] *wêrom oft* se it docht (ferl. ek Popkema, 2006, s. 205-207, 297-301).

<sup>50</sup> Sjoch in noat hjirboppe.

<sup>51</sup> It Hollânske ‘klopt dit wel?’ mei yn it Frysk net oersetten wurde mei ‘*kloppet* dat wol?’ It is in *pragmatyske* ynterferinsje, dus in ynslûpsel op it nivo fan it *wenstige taalgebrûk*. It is yn striid is mei wat yn de oanbelangjende situaasje ‘normaal’ is. ‘Kloppet dat wol’ beânderet net oan de situative noarm. It hie wêze moatten: ‘Komt dat wol goed/klear, docht dat wol?’ It is in gefal fan ferkearde konverzje (omsetting).

‘Klopje’ wurdt almeast letterlik ferstien: Men kin op ’e doar *klopje*; in swolme finger kin *klopje*. It Hollânske ‘dat klopt’ wurdt dan ek net ‘dat kloppet’, mar ‘dat komt út’. Mear fan dy konverzjes binne: ‘Het is zonde! (nèt: \*It is sûnde; wòl: It is skande/in griis); Verboden toegang (nèt: \*Ferbeane tagong; wol: Tagong ferbeane); Geloof dat maar! (nèt: \*Leau dat mar!; wol: Tink dêr mar om! Dêr kinst op rekkenje!); Wel te rusten (nèt: \*Wol te rêsten!; wol: Sliep lekker!/Nacht!) (ferl. ek P. Breuker, S.T. Hiemstra e.o., *Foar de taalspegel* (Afûk, 1984, 1992<sup>2</sup>, s. 16-17) en P. Breuker, J. Hoekstra e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis* (Frysk Ynstitút RUG/AFUK, 1982, s. 63).

<sup>52</sup> Sjoch dêroer in noat hjirboppe.

- <sup>53</sup> Steven H.P. de Jong, *Ta in hichte, of de balke yn eigen each. Monografy oer it literêre wurk fan dr. Anne Sybe Wadman* (Ljouwert: Frysk en Frij, 2007).
- <sup>54</sup> Letterlike oersetting fan it Hollânske: ‘De kinderen mogen voor niets *met* de boot *mee*’; twa kear *mei* doocht yn it Frysk net: Se geane *mei* de bus (trein, boat, it fleantúch); ‘Ga je *met* mij *mee*?’, Giesto *mei* my?; ‘Mag ik *met* je *mee*?’, Mei ik *mei* dy?
- <sup>55</sup> J.K. Rowling, *Harry Potter en de Stien fan 'e wizen* (Ljouwert/Utert: Bornmeer. Oersetter: Jetske Bilker).
- <sup>56</sup> Jant van der Weg, ‘Bestseller Harry Potter yn it Frysk’ (*Friesch Dagblad*, 15 sept. 2007, ‘Sneinspetiele’, s. 39). In alinea fan harres dy’t dêrby oanslút, is likegoed kritysk: “It gedicht fan de Sortearhoed is yn de Nederlânske oersettings gâns better slagge as yn de Fryske. Yn dy lêste is dúdlik wraksele om in goed ekwivalint te krijen, en allinne al it feit dat men dêr as lêzer weet fan hat, sprekt net foar de kwaliteit. In letterlik út it Nederlânsk oersette sin as ‘wat harren de glimk fan harren snút ôffeie sil’, is net echt fraai, krekt likemin as ‘frûnsjend’ foar ‘fronsend’.” Ik haw dêr de foarholle ek by *fronsele*.
- <sup>57</sup> ‘Halo’ betsjut letterlik ‘strielekrânse’. Der wurdt fan in *halo-effekt* praat as *bykomstige* skaaimerken in ‘útstrieling’ (d.w.s. in *steurende* ynfloed) hawwe op in beoardielingsútkomst. Dat kin bygelyks trochdat de skriuwer fan in tekst *taal-* en *staveringsflaters* makket.
- <sup>58</sup> Jetske har mûnling taalebrûk is al net folle oars as har skriftlik hantearjen fan de taal: “Jetske Bilker: ‘De reaksjes op de Nederlânske dreuzelsite wiene hiel fûl. Guon *fûnen* it *belachlik* [Neffens guon wie it bespotlik/healwiis; *sth*]. Mar der wiene ek minsken dy’t it *hartstikke leuk fûnen* [dy’t ornearren dat is o sa moai wie; *sth*].’” Oanhaal út Sietse de Vries, ‘Swurkbal spylje op Swiniastate’ (*Leeuwarder Courant*, 22-06-2007, ‘Freed’, s. 22).
- <sup>59</sup> Jetske Bilker yn in artikel fan Hedwig Terpstra mei de titel ‘Jetske Bilker (1960) oer har oersetting fan Harry Potter yn it Frysk’ (NO, BOEK, nû .21, aug. 2007, s. 35): “Fernimst ek dat yn dizze tiid in hiel soad echt Fryske wurden en foaral útdrukkings yn ûnbrûk reitsje. Hearst hieltyd minder echt Frysk taaleigen om dy hinne. Dus dan is it gjin wûnder dat de bern en de jongerein dat taaleigen net iens mear kenne of werkenne. Dêr moastst wat tuskenyn sitten gean: tusken moai sfearfol Frysk taaleigen en de taal dy’t net te fier fan de bern ôf stiet.”
- <sup>60</sup> Ferl. ek D.A. Tamminga, *Styl en Stavering. Hûndert styl, tael- en staveringsoefeningen foar Gymnasium, Lyceum, H.B.S., Kweekskoalle, Lânbouskoalle, Utwr. Leg. Underwiis en leargongen* (Grins/Batavia: J.B Wolters’ Uitgeversmaatschappij N.V., 1948).
- <sup>61</sup> Om mar ris wat te neamen: Tamminga, D.A., *Op 'e taelhelling. Losse trochseden fan Frysk taellibben, I* (Boalsert: Osinga, 1963); Tamminga, D.A., *Op 'e taelhelling. Losse trochseden fan Frysk taellibben, II* (Boalsert: Osinga, 1973); Tamminga, D.A., *Kantekers. Fersprate stikken oer taal en literatuer* (Grins: S.F. FYRUG, 1985); Kalma, D., *Freegje mar fierder! In ynliding ta it Fryske taeleigen [foarste dieltsje]* (Boalsert: Osinga, 1943); Kalma, D., *Ken jim Frysk! In samling Frysk Taeleigen foar leargongen en selsstúdzje* (Drachten: Laverman N.V., 1948); S.W. Douma [= D. Kalma], *Frysk taeleigen-boekje I. It túch der út!* (Drachten: Laverman, 1946, Rige Lytse Paedwizers - 2); S.W. Douma [= D. Kalma], *Frysk taeleigen-boekje II (mei kaei). It goede krûd* (Drachten: Laverman, 1946, Rige Lytse Paedwizers - 3); Tsjepkema, H., *Efkes taelbuorkje* (Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1978); Tsjepkema, H., *Efkes taalbuorkje II* (Ljouwert: Koperative Utjowerij, 1997); J.K. Dykstra, *Op 't aljemint, in samling taaleigen* (Ljouwert: Fryske Akademy/AFUK, 1978<sup>2</sup>); O.H. Sytstra en J.J. Hof, *Nieuwe Friesche Spraakkunst* (Leeuwarden: R. van der Velde, 1925) mei dêryn opnommen in treflike ‘Idiomatische Woordenlijst’ (s. 178-274); Jarich Hoekstra, *Taalsnipels* (*Friesch Dagblad*, 1986-1993, bondele en yn ienfâldige foarm yn eigen behear útjûn en ferspraat); J. Stienstra, *Taalpraatsjes* (Ljouwert: Afûk, 1986); Rienk de Haan, *Mei freonlike groetnis. Skriuwizzer mei stekwurden en foarbylden* (Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy, 1995); S.T. Hiemstra (einred.), J. Stienstra, G. de Vries en J.W. de Vries, *De Stipe* (Ljouwert: Afûk, 1982, 2005<sup>5</sup>); P. Breuker, S.T. Hiemstra e.o., *Foar de taalspiegel. Koart oersjoch fan Hollânske ynslûpsels yn it Frysk* (Ljouwert: Afûk, 1984, 1992<sup>2</sup>); Dick Eisma en Jan Popkema, *Tiidwurden* (Ljouwert: Afûk, 1989, 2000<sup>6</sup> [revisearre printinge]); Jan Popkema, *Grammatica Fries. De regels van het Fries* (Utrecht: Uitgeverij Het Spectrum B.V, 2006, Prisma taalbeheersing); Pieter Breuker, Jan Griffioen, Jarich Hoekstra e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis* (Grins/Ljouwert: Frysk Ynstitút R.U.G./AFUK, 1982; benammen de haadstikken 4 en 5); Sytze T. Hiemstra, *Kursus Frysk skriuwen* [10 lessen], û.o te finen op: [www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/skriuwkursusfrysk](http://www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/skriuwkursusfrysk).